

De Treffer

klupblêd fan fuotbalferiening SDS

Jiergong 44 nûmer 2

desimber 2013



Redaksje:

Tryntsje Bouma
Bauke Dijkstra
Metsje Huitema
Sjoerd van Beem
Willem Wijnia

Adres:

Pieter Coopmanstraat 29, 8701 BN Bolsward
Griene Leane 17, 8734 GP Easterein
Tywert 4, 8731 CL Wommels
M.O.H.strjitte 10, 8731 AG Wommels
De Homeie 27, 8731 EC Wommels

tillefoan:

06-44057088
0515-333295
06-48713325
0515-331444

Internetredaksje:

Aant Hofstra: sds-nijs@home.nl
Willem Wijnia: info@vv-sds.nl

Bestjoer:

Douwe Dirk Reitsma Smidslân 11, 8734 HJ Easterein
Gida Heerma Pipegaal 11 8731 DB Wommels
Baukje de Jong v.Eysingaleane 22, 8734 GD Easterein
Andre Vink De Singel 30a, 8734 HR Easterein
Robert Schilkamp Hofkamp 33, 8731 BT Wommels
Tina Wiegers P. ten Bokumstrjitte 15, 8736 JG Reahus
Bauke de Boer A.Joustrastrjitte 10, 8734 GJ Easterein
Durk Okkema Sjaardaleane 7, 8734 HP Easterein
Oetze Paauw Skippersbuorren 11 8734 GT Easterein

tillefoan:

0515-332500
0515-332227
0515-852400
0515-333134
0515-331816
0515-331365
0515-332555
0515-333005
0515-332094

funksje:

Foarsitter
Skriuwer
Ponghâlder
Wedstriidsekretariaat
Foarsitter jongerein
Ledenadministraasje
PR en Reklame
Sen./Technyske saken
Skoalleseize

Jongereinkommisje:

Robert Schildkamp Hofkamp 33, Wommels
Bote Strikwerda Wyniastrjitte 10, Spannum
Thecla Klynsmma Geins 32, Wommels
Hans v.d. Schaar Hofkamp 6, Wommels

tillefoan:

0515-331816
0517-342169
0515-333037
0626785381

funksje:

Foarsitter
Algemiën lid
Algemiën lid
Algemiën lid

Technyske Kommisje Senioaren vv SDS

Foarsitter en fertsjintwurdiger haadbestjoer: Durk Okkema
Koördinator SDS 1, 2 en 3: Fakant
Koördinator SDS 4, 5 en 6: Ids Boersma
Koördinator sealfuotbal: Willem Wijnia
Koördinator Froulju: Geartsje Klaversma en Jildou Jorritsma

Technyske Kommisje Jeugd vv SDS:

Durk Okkema	0515-333005	Foarsitter
Jan-Rinse Blanksma	06-53803817	Skriuwer
Durk Okkema	0515-333005	Coördinator A- en B-junioren
Boudewijn Kramer	0515-852400	Coördinator C-junioren
Ayanle Barkat		Coördinator D-pupillen
Folkert-Rients Velliga		Coördinator E-pupillen
(tegeare mei Robert Hoekstra	0515-331190)	
Tsjipke Okkema	06-18296720	Coördinator F-pupillen

E-mailadressen:

Foarsitter@vv-sds.nl	=> Douwe-Dirk Reitsma
Ponghalder@vv-sds.nl	=> Baukje de Jong
PRcommissie@vv-sds.nl	=> Bauke de Boer
Wedstriidsekretaris@vv-sds.nl	=> André Vink
Ledenadministraasje@vv-sds.nl	=> Tina Wiegers
Sekretaris@vv-sds.nl	=> Gida Heerma
TC-foarsitter@vv-sds.nl	=> Durk Okkema
Foarsitter-jeugd@vv-sds.nl	=> Robert Schildkamp
Accomodatje@vv-sds.nl	=> Oetze Paauw

Sponsor- c.g. PR-kommissje

Bauke de Boer	Shirtsponsoring (PRcommissie@vv-sds.nl)
Hendrik Engbrenghof	Treffer en website
Ype Tiemersma	Reklamebuorden en Freonen fan SDS
Pep de Boer	Administraasje
Enne Bruinsma	Algemiën lid

Aktiviteitenkommissje: fakant**Wedstrydsekretariaat**

Senioaren: André en Tineke Vink, De Singel 30a, 8734 HR Easterein, tel. 0515-333134
Jeugd: Pieter de Boer, Van Eysingaleane 23, 8734 GD Easterein tel: 06- 10018187

Skiedsrjochterkoördinators:

Auke Eringa Email a.eringa@hetnet.nl Tel 0515 33 26 49
Friso Albada Email frisoalbada@home.nl Tel 0515 33 22 82

Akkomodaasje:

Sportpark "De Skoalleseize", 't Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700
(SDSkantine@gmail.com)

Fersoarging terrein:

Andries Stuiver A.Joustrastrjitte 4, 8734 GJ Easterein 0515-332872

tillefoan:**Fersoarging materialen:**

Klaas de Haan, Klaas Overal, Lolke Bouma en Willem Twijnstra

Konsul:

Pier Faber 't Heechhiem 3, 8734 GS Easterein 0515-331750

Bankrelaasje: 34.95.01.033 Rabobank Sneek –ZuidwestFriesland.

Ferienings nr KNVB: BB BG 32H

Korrespondinsje besoarging Treffer:

Easterein:	Hester Hiemstra, Skoallestrjitte 10, 8734 GM, Easterein	<u>Tillefoan:</u>
	K. en H. Meijer, Wynserdyk 19, 8734 GE Easterein	0515-332278
Wommels:	Gelf Ykema, Klampe 4, 8734 GS, Wommels	06-12333448
	Fam. Boonstra, Hofkamp 14, 8731 BV Wommels	0515-331615
Itens/Hinnaard:	Sjouke Sjoukema, Hearedyk 55, 8735 HP Itens	06-25547253
Reahûs/Turns:	Fam. Gerbrandy, Sanleansterdyk 24, 8736 JB Reahûs	0515-332910
Spannum:	Fam. Eringa, S. Roordastrjitte 14, 8843 KN Spannum	0517-341532
Winsum:	Sybre Wassenaar, Hege Terp 13, 8831 XT Winsum	0517-341886
Kûbaard:	Auke Eringa, De Grits 14, 8732 EJ Kubaard	0515- 332649
Hidaard:	Harm Bergsma, Skoallestrjitte 46, 8734GN Easterein	0515-332476
Oare plakken:	Metsje Huitema, Tywert 4, 8731 CL Wommels	0515-333295

Kontribúsje :

Senioren fjildfuotbal:	€ 59,95	it healjier
Senioren sealfuotbal:	€ 43,20	it healjier
A- en B-junioren:	€ 47,60	it healjier
C-junioren:	€ 40,05	it healjier
D- en E-pupillen:	€ 32,65	it healjier
F-pupillen:	€ 28,35	it healjier

Foar de jongerein jildt fanôf it twadde bern 20% koarting

Tagong wedstriden earste âlvetal € 3,- Dêr sit dan in programmaboekje bij. Foar leden, sponsers en freonen fan SDS is de tagong fergees.

Freonen fan SDS

Foar **€ 50,-** yn it jier wurde jo lid. Jo krije dêrfoar ús klupblêd, "de Treffer", fergees tastjoerd en jo hawwe by kompetysjewedstriden fan ús earste âlvetal frij tagong. Foar nijere ynljochtings kinne jo skilje mei Enne Jehannes Bruinsma (till. 0515-332013).

Stipers

Mear ynformaasje by Enne Bruinsma (0515-332013)

Oanmelding nije leden:

Aspirant **jongereinleden**, aspirant **senioren (fjildfuotbal)** en aspirant **sealfuotballers** kinne harren oanmelde/ôfmelde fia de webside **www.vv-sds.nl** fia **"oan-ôfmelde"**.

Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaasjebewiis (mei pasfoto) ynlevere wurde.

By fragen kinne je kontakt opnimme mei Tina Wiegers (till. 0515-331365).

Ôfmelde:

Under de kop oan-ôfmelde stiet ek de link foar as jim heleas ôfmelde moatte/wolle Allinich op dizze wize kinne jim ôfmelden wurde (dus net fia in lieder enz.)

Hjirfoar binne twa data: foar 15 juny en 1 desimber.

By te let ôfmelde moat der noch foar in heal jier betelle wurdde, dit is omdat SDS dan ek ôfdrage moat oan de KNVB.

De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgende nûmer is:

14 febrewaris 2014 of sa

Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan 'e redaksjeleden.

Leafst oer de E-mail.

E-mail adres : **detreffer@vv-sds.nl**

Fan de redaksje

En hjir is dan alwer de lêste Treffer fan it jier. Dit kear wer alderaardichste stikjes oer fan alles en noch wat. Dit kear dan wol gjin Peppi & Kokki, Noppen & Naaldhakken en in krystpuzzel, mar wol alderaardichste petearen foar ûnder de krystbeam mei û.o. Redmer Strikwerda en Arjan Posthumus en de 3 buorren Van der Weg. Wy hawwe Kees' Kollum en De Linkerpaal en fansels in hantsje fol "Hite nûtsjes".



Wy winksje jim in bult lêswille, noflike krystdagen en in sûn 2014!

Wy sjogge jim dan wer op de nijjierssit en snertrin fan sneon 4 jannewaris!

Arjan en Redmer



De “fruitmand” foar Jan-Friso!



SDS MC 1 is kampioen!



side 6

side 20

side 34

Ynhâld

<i>Fan de redaksje</i>	3
<i>Fan it bestjoer</i>	5
<i>Oan it wurd: Arjan Posthumus en Redmer Strikwerda</i>	6
<i>Voor paal staan.....</i>	9
<i>Persoanlik: Marije Rijpma.....</i>	10
<i>Hite nûtsjes</i>	10
<i>Sealtoernoaien.....</i>	14
<i>SDS-Look-a-likes(7)</i>	15
<i>SDS League.....</i>	16
<i>Vacature wedstrijdsecretaris</i>	17
<i>Faceboeke/Twitterje mei Boudewijn Kramer.....</i>	18
<i>In fruitmandsje foar Jan-Friso Bruinsma.....</i>	20
<i>SDS Minileague.....</i>	25
<i>Kees' kollum; Ik vertrek.....</i>	23
<i>Trijespan: Robin, Luka en Milan van der Weg.....</i>	25
<i>Grinsrjochter ynstruksje jûn</i>	28
<i>SDS-Klean</i>	28
<i>Koart ferslach SDS-ledengearkomst.....</i>	23
<i>Samar in wedstryd</i>	31

Alde Doaze	33
SDS MC 1 is kampioen!!	33
Doelpuntenmakers	34
Aginda	36

Fan it bestjoer



De earste seizoenshelte is ta in ein. Der is net folle ôflast dus it measte leit kreas op skema. Sa ek de TK saken. Jaap de Blaauw gjit nei 4 jier SDS nei de Kanaryske eilannen en Frans Munsterman sil syn taken yn augustus oernimme. Wij winskje him in protte wille en sukses ta. Ek de medyske staf is regelt foar it nije seizoen, Dooitze Nauta bliuwt bij SDS, hjir bin we tige wiis mei.

De bestjoerbesetting leit net op skema, we sykje noch altiten om in wedstriid-sekretaris. Wa wol Andre syn taken oernimme?

Op de nijjers resepsje, dy 't op 4 jannewaris is, moat we it der mar efkes oer ha. Dan is der fansels ek wer de tradisjonele snertrin/kuier en miskien noch wol folle mear.

Rest mij noch om elsenien in noflike Kryst te winskjen en in machtich, prachtich, skitterend, geweldig, suksesfol mar foaral in sûn 2014 ta te winskjen.

Durk

Fan it jeugdbestjoer



Wat een geweldig najaar, tenminste op zaterdag, bijna alle wedstrijden kunnen doorgaan! Dit is ook goed voor het wedstrijdritme en dat is terug te zien in de standen, er draaien aardig wat teams in de top mee. Ook zit F1 nog in de bekercompetitie.

Dan is er dit seizoen voor het eerst gestart met de mini-league en wat is het een succes! Onder leiding van Tjipke en Arnout spelen de jongens en meisjes die nog geen competitie spelen hun eigen competitie in Easterein. 4 tegen 4 en bloedfanatiek, erg leuk om eens bij te kijken.

Dan gaan we richting winter en dat betekent: kunstgras, zaal en toernooien. Er is weer hard gewerkt om zoveel mogelijk trainers en zaaluren te krijgen. Ook zal er weer door verschillende teams op kunstgras in Sneek worden getraind. Dan zijn er nog teams die weer mee gaan doen aan de zaalcompetitie. Oftewel ook in de winter kan er volop gevoetbald worden!!

Jeugdbestuur

Oan it wurd: Arjan Posthumus en Redmer Strikwerda

Yn it fuotbal binne wij bekind mei transfers. De spilers ferhúzje hast elts jier fan klup. Se gean op syk nei súkses, mear jild, bettere trainers of moaier waar. By SDS binne we net hiel bekind mei dit fenomeen. Oant dit jier. Want



oan it begjin fan dit seizoen ha in oantal spilers fan it earste it besluit naam om S.D.S yn te wikselen foar in oare klup. Sa witte wij dat Erik Haitsma op dit momint syn heil siket bij de âldiizerboeren fan WPB yn Snits. En dat Redmer Strikwerda en Arjan Posthumus harren stjonkende bêst dogge om Hylke Schrale, trainer fan S.C Bolsward, tefreden te hâlden. Wij wiene benijd nei de motifaasje en de ferhalen fan dizze mannen. Dêrom giene wij yn petear mei Redmer en Arjan.

Wat hat foar jim de reden west om oer te stappen nei SC Bolsward?

Arjan: De lêste tiid fûn ik de sfear net prettig mear. In hjirby giet it dan foaral om de sfear binnen it earste. Der wie tefolle gezeik en geseur binnen de ploech. En ik fûn dat de trainer hjiryn ek net echt meiholpen hat. Ik hie op it lêst skjin myn nocht hjirfan en ha sels mei de gedachte spyle om te stopjen of te fuotbaljen yn it twadde. Mar at je betinke dat ik ferhúze bin nei Boalsert wie it foar my in logyske stap om dêr fuotbaljen te gean.

Redmer: Ik hie it net mear sa nei't sin en bin op syk gien nei in nije utdaging. Nije omjouwing, nije kânsen. Oant no ta befalt it tige goed. It is in waarme klup, ik fiел my op myn gemak.

Mei wat foar yntinsje binne jim dêrhinne gien, en wat wiene hjirby jim ferwachtings?

Arjan: Ik bin der hinne gien mei it idee om wat ta te foegjen oan de ploech. Ik woe fansels graach in basisplakje en dat is it gefal. Fjirder ha ik foar mysels sein dat ik sa no en dan ek in goaltsje meipakke wol, sa as ik dat bij SDS ek wolris die. Omdat ik no ek yn Boalsert wenje bin ik der wol hinne gien mei de intinsje om hjir myn fuotbalkarriêre ôf te slúten. Ik kom hjir net foar ien seizoen fansels.

Redmer: In nije start yn in oare omjouwing. Fansels mei de bedoeling om basisspiler te wurden en te wêzen.

Hoe giet it op dit momint mei jim sels en mei de ploech? Giet it oant no ta sa as jimme it ferwachte hiene?

Arjan: Ik ha myn eigen doelstelling helle. Ik begjin op dit momint eltse wedstriid yn de basis. Ik bin lofts efteryn begûn. Mar ha no myn plakje fûn as

fêste rjochtsback. En ha myn earste goalsje ek al meipikt. As ploech dogge we it dit noch net hiel goed. We binne op dit momint net sterk genôch en pakke te min punten. It is foar ús saak om yn de tredde klasse te bliuwen dit jier. Wij krije straks yn de winterstop in oantal fersterkingen, en dermei sjoch ik ús noch wol genôch punten pakken om miskien sels noch wol yn it linkerrijsje te eindigjen.

Redmer: Ik ha de earste fiif wedstriden yn de basis stien, doe krige ik lêst fan in blessure. Dy is no sa goed as oer en ik wurkje hurd om myn plakje werom te pakken.

Wat binne no eins de grutste ferskillen tusken SDS en SC Bolsward?

Arjan: As earst natuerlik de akkomodaasje. Wij ha hjir yn Boalsert in skitterend keunstgêrsfjild, dat wat se yn Easterein spitich genôch misse. Mar foar ús betsjut dit dat we hast altyd traine kinne. Derneist ha we in geselliche kantine en moaie grutte klaaikeamers. Alles is hjir gewoan krekt wat better foar elkoar as bij SDS Sa ek de shirts, trainingspakken, sokken en tassen. Alles wurdt hjir stipe en we hoe sels neat te beteljen. Derneist fyn ik de sfear hjir hiel noflik. Folle minder gezeur dan dat wy yn Easterein went wiene. Ik fielde my hjir hiel snel thús.

Redmer: Ik slut my hjir folslein by oan.

Jim sitte bij S.D.S yn de kompetysje. Hoe wie it om tsjin jim âlde ploech te fuotbaljen?

Arjan: Ik moat sizze dat it wol efkes oars wie as oars. Ha fan te foaren al wat lêst han fan senuwen.

Mar yn de wedstriid wie ik foaral hiel gedreven. Je wolle je dochs efkes sjen litte. Spitich genôch ferlearen wij dy wedstriid mei 4-0. Foaral troch goed fuotbal fan Dirk Yde en Jelmer. Mar ien gelok, ik mocht nei de wedstriid, mei tank oan it draaiend red, wol de rollade mei nei hûs nimme. En dy smakke poerbêst!

Redmer: Tsjja, dat wat oaren altyd al tsjin my seinen is dus ek echt wier. SDS1 is in seurpleoch. It foel net ta om der tsjin te baljen. Ek ut it publyk waard wolris wat ropt en raast, mar dat heart der ek by. Net tsjinsteande it ferlies ha ik nei de tiid even gesellich mei de mannen neisitten. In oantal binne en bliuwe fansels wol je freonen.



Bliuwe jim wol op de hichte fan S.D.S? En hoe fine jim dat se it dogge dit seizoen?

Arjan: Ik hâld de webside eltse dei yn de gaten, en bliuw sa moai op de hichte. Fjirder ha ik altyd in soad whatsapp contact mei Dirk de Jong. Dus ik wit wol hoe it der yn Easterein allegear oan ta giet. Se dogge it op dit momint wol goed. En ik tink dat se tegearre mei Minnertsgea en de Walde foar de titel fjochtsje sille. Ik fyn it ek moai om te sjen dat myn plakje rjochts efteryn no goed ynfuld wurd troch Sjoerd de Vries. In jonge mei in soad potinsje.

Redmer: Ik ha mei in oantal jonges noch in protte kontakt en fansels hâldt myn baas, Brouwer my goed op'e hichte. Yn prinsipe tink ik ek dat SDS meidwaan giet om de boppenste plakjes. Ast sjochst nei de kwaliteit yn de ploech, dan binne se dat eins ferplicht.

En dat tot slot de fraach wer eltsenien nijskijrrich nei is. Komme jimme ea wer werom nei SDS?

Arjan: Ik ha no dizze kar makke, en ik ha it hjir tige nei myn sin bij dizze klup. Salang ik yn Boalsert wenjen bliuw sil ik net werom gean nei SDS Mar je witte natuerlik noait hoe it allegear rinne sil. Miskien kom ik oer in oantal jierren wol wer yn Wommels te wenjen, en dan sil ik der seker oer neitinke om wer nei SDS te kommen. It bliuwt wol myn klup.

Redmer: Dat is in lestige fraach, wêr't ik op dit stuit net in goed antwurd op jaan kin. De kommende jierren spylje ik foar SC Boalsert en hoe't de takomst derut sjocht, dat wit gjinien.

*In moai petear mei 2 âld-SDS-spilers dy't in nije utdaging sochten en fûn ha, wy winskje se alle wille en krekt wat minder punten as SDS ta.
En dan ha we ek noch de eare om op dit plak bekind te meitsjen dat Arjan net allinnich op it fjild wolris skoart, mar ek yn de sliepkeamer.
Hy wurdt heit! Fan herte Arie!*



(BD & SVB)

**Sjoch foar al it aktuele
SDS-nijs eltse dei op
www.vv-sds.nl!**

Voor paal staan

De linkerpaal vindt 2013 toch nog geslaagd

Dat kan er zo eind 2013 ook nog wel bij: de verkiezing van het mooiste dorp van Fryslân. Uitgeschreven door Giel Beelen, een doperwt uit Hilversum die plaatjes draait en nu achter het glas zit in Leeuwarden. Dat Giel maar wat doet is duidelijk. Een nominatie voor Woudsend (bekend van die vreselijk brug in het dorp), voor Lemmer (bekend van die lange wachttijden bij vreselijke brug en sluis op de rondweg), Grou (bekend van dat vreselijke Pikmeer) en Sint Nicolaasga (een dorp genoemd naar iemand die niet bestaat) kan toch niet getuigen van veel inzicht. Gelukkig wist iemand hem nog te corrigeren en noemde en passant Oosterend. Daar had Giel zeker wel van gehoord want ook hij komt wel eens op Terschelling. Op het eiland schrokken ze zich een duinpan want daar hadden ze niet opgekend. Gelukkig hebben ze “Overal” contacten en dan is zo iets snel geregeld. Niet Oosterend maar Easterein (voor de jongeren onder u: dat voor 1984 ook Oosterend genoemd werd) mocht zich opmaken voor een heftige strijd met de eerder genoemde foeilelijke toeristendorpen.

Wat Sint Nyk, Woudsend, Lemmer en Grou niet hebben, heeft Easterein wel. Om te voorkomen dat ik over mijn maximum aantal woorden kom, moet ik mij beperken tot de hoogtepunten. Ik heb dat natuurlijk van horen en zeggen want het is mij niet gegeven een rondje door het dorp te maken vanwege aanhoudende stilstand.

Er schijnt sprake te zijn van een leuk beschermd dorpsgezicht, er schijnt een beeldbepalend leuk café te zijn, er schijnen erg leuke mensen te wonen en er is een leuke voetbalklup. Maar het absolute hoogtepunt schijnt toch de toren te zijn. Die toren heeft ook binnen de voetbalclub zijn eigen dimensie. Volgens overlevering gaat het voetbal van SDS beter wanneer het naar “de eigen toer spilet”, zoals die Friezen hier plachten te zeggen. Die toren is niet alleen bedoeld om een klok in te hangen en naaste bewoners voortdurend wakker de luiden of om

als “doel in de verte” te dienen, maar die toren uit de 14de eeuw is vooral belangrijk voor de SDS elftalfoto's. Beeldbepalende elftalfoto's met de toren op de achtergrond en het elftal op de voorgrond. Ik hoef er natuurlijk niet bij te zeggen dat ik daar altijd bij op moet staan. Daarom is het zo bijzonder dat op de valreep van dit jaar ook nog een foto gemaakt is die aan al die fundamentele voorwaarden voldoet. De mooiste foto van het jaar is gemaakt. Een elftalfoto van notabene SDS 1 met de toren op de achtergrond. En deze fotograaf begreep het heel goed. Met natuurlijk één paal. De linker natuurlijk. 2013 is toch nog geslaagd.



Persoanlik

Wy stelle jim graach foar oan:	
Marije Rijpma	
Namme	Marije Rijpma
Berne	19-04-2004
Wommels, Easterein as....	Easterein
Skoalle	De Foareker Easterein
By SDS sûnt	2012
Team	E4
Gjin fuotbal, dan...	Boartsje mei freondinnen, mei Wollie ús skiep en Boris ús Pony
Favorite klup Nederlân	Hearrenfean
Favorite klup bûtenlân	Gjin idee
Beste trainer	Hans van der Schaar
Beste fuotballer yn Nederlân	Gjin idee, wy sjogge noait nei Studio Sport
Beste fuotballer yn it bûtenlân	Wit ik net
Favorite fuotballer SDS 1	Ik kin nimmen fan SDS 1
Favorite posysje	Links midden
Sterkste punt	Bal ôfpakke

Swakste punt	Bal goed op it doel sjitte yn it spul
Moaïste stadion	Arena
Idoal	Katy Perry
Hichtepunt	Dat ik in suske krige (2010)
Djiptepunt	Dat Pake Minne dit jier ferstoarn is, en dat hij my nea fuotbaljen sjoen hat.
Hearrenfean as Cambuur?	Hearrenfean
Sneijder as Van der Vaart?	Sneijder
Boas om	As der iets net earlik is
Gelokkich fan	Wollie us skiepke en Boris us pony
Televyzje	Spangas
Muzyk	Happy fan Pharrel Williams, en ferskes fan Katy Perry
Iten	Burritos
Drinken	Cola
Simmer as winter?	Simmer
Kampioen WK 2014	Spanje
Posysje Nederlân WK 2014	10
Moaïste sjurt	Hearrenfean
Lelijkste sjurt	Cambuur
Fuotbalskuon	Nike
Rjochts of lofts?	Lofts
At ik letter grut bin dan....	Wol ik wurkje mei bisten.
Wolst fierders noch wat kwyt?	Dat ik fuortbaljen mei Marrit, Evy en Froukje hiel leuk fyn! Dat ik it leuk fine soe dat der in famkes team komt

Hite nûtsjes

No't it kwik wer rjochting it nulpunt giet is it tiid foar ekstra hite nûtsjes, wat do?

Wat ek rjochting it nulpunt glidet is de opkomst op'e ledegearkomste fan SDS, wylst der genôch minsken wat te sizzen ha tinkt my, wat do?



Do hast hielendal gelyk. Dochs sjochsto it by eltse feriening en net allinnich by fuotbalferieningen. Neffens my wurdt it tiid om sa 'n jiergearkomst op in oare manier te dwaan. B.f. troch it brûken fan multimedia en minder drûge stof. Lêsten haw ik op in jiergearkomst west waard gebrûk makke waard fan YouTube-filmkes om dingen út te lizzen. Dat wie alderaadichst. It wurdt tiid om mei te gean mei de moderne tiid.

Bisto oars noch wat wizer wurden op de ledengearkomst? Oer de fjilden b.f.?

It keunstfjild is in gebed sûnder ein, dat is wat it is. Huld oan de minsken dy't harren bêst der foar dogge. En fierder wie it optreden fan Twijnstra, sa as alle jierren wer in hichtepunt. Wat dat ynhâld ferklap ik net, moatte de minsken sels mar komme.

No't Jaap de Blaauw nei dit seizoen ôfskied nimt moat der in nije trainer komme, hokker kwaliteiten moat dizze man, as miskien wol frou neffens dy ha?

It docht my oan in útspraak fan Broer-Wiebe de Ringh tinken. Kees Jansen (âld-trainer SDS 1) hie ris tsjin him sein; "Do kinst dyn enersjy stekke yn it feroarjen fan SDS, mar dan komsto der yn de winter efter dasto it dochs better op de SDS-manier dwaan kinst. Soks soe dus hiel goed passe, mar ik soe ek wol graach in type as Lykle Bleekveld by SDS 1 sjen wolle dy 't wier mei de mannen oan de slach giet en se stik foar stik better makket.

SDS 2 hat lêsten Sinterklaas fiert, binne dêr ek hite nûtsjes oer tafel gien? Dêr moast al op rekkenje, mar ik kin der net folle oer kwyt, want Sinterklaas hat de gedichten wer meinaam nei Spanje. Hy gie jûns yn elts gefal let wer fuort mei in wiete jurk fan it gnizen.....

De lotting foar it WK yn Brazilië is ek west, wat fynst fan de poule? As de sjo der omhinne in opmaat foar it ferrin fan it toernooi is, dan kinne we better thus bliuwe net? Wat in oanfluiting. Blatter dy't de minut stilte foar Mandela eksakt 11 sekonden duorje lit, wêrnei't er as in 'volksmanner' it publyk opropt om te klappen foar Mandela en it fuotbal.

Dy man soe eins tsjin himsels yn beskerming naam wurde moatte, wat do?

De FIFA is ien grutte korrupte bende, mar wat moatte je hjir no tsjin dwaan. Soe Michael van Praag by machte wêze om hjir wat oan te feroarjen? Michel Platini docht it yn elts gefal net, want dy slikket krekt sa lang oan 't der sels foarsitter fan de FIFA is.

Wat my lêsten by it jeugdfuotbal opfallen is is dat der faaks floten wurdt foar ferkeard ynsmiten. Wat fynsto hjir fan?

Ik fyn dit hielendal neat. Ynsmite is it minst wichtige fan it hiele fuotbalspultsje en sa lang as de bern de bal net yn ien kear mei ien hân foar de goal slingerje is der neat oan de hân. As je der foar fluitsje giet dit ten koste fan it spul wylst net ien bern fan 10 der wat fan leard as je der foar fluitsje en sy op 'e nij ynsmite meie. Heechstens kin de skiedsrjochter ris tsjin in lieder sizze dat de bern der better om tinke moatte.

“Regel is regel”. Jou my de Ingelske skiedsrjochters mar”

Wat do?

Ach ja, sa binne wy hjir blykber. 'Regel is regel'. Jou my de Ingelske skiedsrjochters mar, dy fluitsje leaver net as al en dat komt ten goede oan de wedstriid.

It is wer safier, winterstop. Hasto der wat nocht yn?

Dêr moast op rekkenje! Machtich om wer in pear wiken te sealfuotbaljen en fansels by de krystbeam sitte. Mei wat hite nûtsjes fansels!

De nijjerssit en snertrin

Sneon 4 jannewaris 2014 is der wer de jierlijkse nijjerssit en snertrin.

Der sil ek dit jier wer in route útsetten wurde foar de kuijers en de drafers. De kuijers fertrekke dan om in oer as 13.00 en de drafers om 14.00 sadat sy tagelyk oan binne by de kantine om dêr te genietsjen fan in lekkere bak snert.

Hoe 't de rest fan de middei derút sjocht is no noch net wis, mar dat komt fêst goed. Miskien is der wol in stikje muzyk, tuskentroch miskien in pear slachjes mei it draaiend rêd en steane der noch wat lju op om wat aardichs út te finen. Alles ûnder it genot fan in hapke en in snapke fansels.

Elkenien dy't wat mei SDS hat is yn elts gefal wolkom.

Hâld foar mear nijs hjir de SDS-webside yn de gaten.



Sealtoernoaien

Begjin jannewaris dogge âld-SDS 1(seal) en SDS 1(froulju) wer mei oan it OFK yn Frjentsjer. De fjildfuotballers fan SDS 1 dogge dit jier net mei om 't sy oars yn de knel kamen mei de tarieding op de twadde helte fan de kompetysje. It OFK wurdt ferspille De Trije yn Frjentsjer. Sneon 12 jannewaris binne de finales. De âld-sealfuotballers fan SDS hawwe dreech lotten foar it OFK yn jannewaris yn Frjentsjer. Sa sitte sy ûnder oaren yn by de winners fan ferline jier Wykels/Hallum(fjild), 1e-Klasser Urk en spylje sy wer in derby tsjin it altiten lestige Easterlittens(seal).

De hiele poule sjocht der foar harren sa út:

Wykels/Hallum(fjild)

VV Noordbergum(fjild)

SV Leoardia(sneins, fjild)

Urk(fjild)

Easterlittens(seal)

SDS (âld-seal)

Ek de froulju fan SDS hawwe net in maklik lot:

MSC(fjild)

Avanti (seal)

VIOD 2 (fjild)

HZVV(seal)

Be Quick Dokkum (fjild)

SDS (fjild)

Fan 't winter sil de jeugd fan SDS wer ferskeidene keren in clinic en/of in sealtoernoai hawwe. Ek de senioaren mannen en froulju hawwe wer harren jierlijkse sealtoernoai.

<u>Categorie</u>	<u>Evenement</u>	<u>Datum</u>
Froulju en famkes	Kersttoernooi	27-12-2013
F-pupillen	Nieuwjaarstoernooi	4-1-2014
D-pupillen	Nieuwjaarstoernooi	4-1-2014
B-en C-junioren	Nieuwjaarstoernooi	11-1-2014
Seal frij	Mooglik clinic	18-1-2014
Senioren+ A-junioren	Nieuwjaarstoernooi	25-1-2014
Seal frij	Mooglik clinic	2-2-2014

SDS-Look-a-likes(7)

Fine jim in SDS'er op in fuotballer, in bekende Nederlander, in Dútsjer, in blomkoal, Doutzen Kroes of oars ien of wat lykjen mail ús dan in foto. It leafst fansels ek efkes mei de foto op wa 't jim degene lykjen fine. Wy binne hiel benijd. Mail jim SDS-Look-a-like nei DeTreffer@vv-sds.nl!

Anne Brouwer(âld-keeper-SDS-seal) as Jo Bux fan Fortuna Sittard yn 1983:



Pieter Wijnia fan SDS E3 as Nicolai Boilesen(Ajax):



Rick Hendriks fan SDS 4 as John-Arne Riise(earder Liverpool):



SDS League



Dizze kear binne wy benijd wat Tsjalling Sikma oer syn team yn de SDS League te sizzen hat no 't hy 2e stiet.

Opstelling “FC Dronrijp”

Dat is uiteraard het geheim van de coach!



de
SDS
LEAGUE

Do bist mei “FC Dronryp” de lêste wiken aardich stegen yn de SDS League en stiest no twadde.

Sit der noch mear yn tinkst?

Hardlopers zijn doodlopers zeggen ze meestal. Dirk de Jong alias “de hazze” kin hurd rinne, maar hij is net fan de lange adem!

Hiest dit wol ferwachte?

Uiteraard. Een goede coach begint al vroeg met het scouten van talent. Na een aantal jaren in anonimiteit te hebben meegedaan pluk ik nu mijn vruchten van het jarenlange goede beleid.

Wat wie dyn doel yn de SDS League?

Gert-Jan Hiemstra ver, heel ver achter me laten. Als PSV-supporter heb je in mijn ogen weinig verstand van voetbal! Daar wil je niet van verliezen.

Welke spiler yn dyn team falt dy oan 't no ta it measte tsjin?

Zoet, maar ja dat is een PSV-er. Achteraf in grove fout in de scouting. Maar ook ik als topcoach maak wel eens een foutje.

Wat binne dyn toppers?

Leerdam scoort als verdediger erg veel. Als we de punten even buiten beschouwing laten dan is het toch echt Tadic! Wat een fantastische speler, een lust voor het oog!

Giet dyn leafde foar Ajax ek sa fier dasto leaver gjin spiler fan PSV yn dyn team hast?

Nee. Zoet is een uitstekende keeper, maar bij hem staat het water af en toe ook aan de lippen bij het zinkende schip PSV.

Hiesto dyn team no noch feroarje mochten wat hiest dan feroare?

Met het oog op de tweede seizoenshelft kan ik hier verder geen mededelingen over doen.

Hoe giet it eins mei dy by VV Dronryp?

Het gaat prima. Sinds 25 jaar speelt Dronryp weer 3^{de} klasse. Na twee promoties achter elkaar (kampioen 5^{de} klasse en nacompetitie 4^{de} klasse) hebben we ons vorig seizoen in de 3^{de} klasse gehandhaafd. Dit seizoen is dit ook de doelstelling. Het is een jong talentvol ploegje. Zelf ben ik met mijn 27 jaar één van de "oudjes". Dit seizoen wordt het lastig. Het talent is aanwezig, maar de ervaring ontbreekt. Toch ben ik ervan overtuigd dat Dronryp volgend seizoen ook in de derde klasse actief is.

Wolsto oars noch wat kwyt?

*Anti-voetbal. De vertoning van AC Milan tegen Ajax van afgelopen woensdag. De speelstijl begreep ik wel. Wanneer je vroeg in de wedstrijd met tien man komt te staan en genoeg hebt aan een punt houd je geen open huis achterin. Maar die ballenjongens, de duikelingen van "Super Mario" en het gedrag van de trainer hebben mij enorm gestoord. Die trainer heeft na het laatste fluitsignaal waarschijnlijk een buikglijder gemaakt. Ajax had de kans om door te gaan, maar verspeelde deze helaas tegen Celtic.

*Binnenkort maar even een oefenwedstrijd Dronryp - SDS plannen.
(ook prachtig kunstgrasveld beschikbaar)

Dochsto de groeten efkes oan jim heit! Wy hoopje him gau wer ris by SDS te sjen. Yo komt goed!
(WW)

Vacature!!!

Per november 2013 is het bestuur van vv-SDS op zoek naar een wedstrijdsecretaris, dit omdat de huidige wedstrijdsecretaris na 8 jaar gaat stoppen.

Als wedstrijdsecretaris maak je ook deel uit van het hoofdbestuur, draai je mee in het schema bestuurslid van dienst en werk je samen met onze jeugdwedstrijdsecretaris en de scheidsrechterscommissie.

Veel zaken kun je via email en telefoon doordeweeks vanuit huis doen.

Belangrijke eigenschappen of vaardigheden zijn: accuraat kunnen werken en beschikken over voldoende communicatieve vaardigheden.

De vacatures ontstaat in principe vanaf november maar het is handig om je zo spoedig mogelijk aan te melden zodat je alvast mee kunt draaien om ervaring op te doen.

Wij zijn op zoek naar een man, vrouw of zelf echtpaar om ons bestuur te versterken!

Voor informatie kunt u terecht bij:

Douwe Durk Reitsma, telefoon 0515-332500 (voorzitter) of

Andre Vink, telefoon 0515-333134 (huidig wedstrijdsecretaris)

Faceboeke/Twitterje mei Wy sjogge op 'e 'social media' pagina's fan....



Boudewijn Kramer

Eltse wike sjogge wy op de sds-site wol faker as ien kear in 'tweet' fan Boudewijn Kramer foarby kommen. Fansels gean dizze tweets oer it fuotbal binnen S.D.S. Boudewijn is sels tige aktyf binnen de klup. Mar hat Boudewijn neist fuotbal ek noch oare hobby's? Yn dizze Treffer wurdt it foar my en foar jim as lêzers tiid om yn 'e kunde te kommen mei dizze man en dat dogge wy fia it ynternet. Wat kin ik allegear fertelle oer Boudewijn Kramer fia twitter en facebook? Bin jim al nijsgjirrich...?

Earst efkes wat saken op in rijtsje oer Boudewijn Kramer. Hy is berne yn Leiden en syn wenplak is Easterein. Dêr sil hy folgjend jier septimber Abraham tsjinkomme, want Boudewijn is dit jier 49 jier wurden. Boudewijn wurket as fertsjinwurdiger by 'Oostwoud International B.V.' yn Frentsjer. Hy is ein 2011 lid wurden fan Facebook.

Boudewijn is trainer en fan A1 en A2 en derneist lieder fan de A1. Ja, hy set sich goed yn foar S.D.S. Dit is dan ek werom te sjen op syn tiidline op twitter. Boudewijn is sa te sjen mear actyf op Twitter as op Facebook. Hy hat op it momint fan skriuwen 1745 tweets útbrjocht. As jim dit stikje yn 'e Treffer lêze, sil der wol hast op de 1800 sitte.. want Boudewijn twittert regelmjittich en sa'n 75% (gokje!) bestiet út 'fuotbaltweets'. Sa twittert Boudewijn oer de fjilden fan SDS, stjoert hy in 'live-ferslach' fan de wedstriden fan de A's en hat hy syn miening oer AJAX altyd klear, wat blykber syn favorite klup is. Wat opfalt by Boudewijn is dat hy in soart 'hashtags' as 'heksteks' brûkt. Dit tekentsje: ' # ' wurdt brûkt yn in tweet om de miening faaks noch dúdliker te meitsjen, as om je gefoel oan te jaan. Alle wurden wurde dan wol oan elkoar skreaun. Sa sjocht dat der by Boudewijn út :

**#gietwolwerlekker! #heechtiidfoarkunst #werhawedatfikerheard
(wêr doelt Boudewijn hjir op....?)**

**#ikdenkhetniet #wegafgesloten #lantaarnpaalkrom
#webenneopdewereldommekaartehellepunietwaar**

Ja de eagen efkes op skerp stelle, dan is it wol te begripen, dochs?
 Neist fuotbal hat Boudewijn mear hobby's, sa as syn Harley Davidson. Sa kin jim op syn pagina ferskeidende foto's besjen fan syn pracht. Op facebook hat Boudewijn dan ek in oantal pagina's dy't hy leuk fynt. Sa as de 'Harliepleats', 'Hells Angels MC Holland', 'Hot Biker Babes' en 'Rick's Motorcycles'. Dat is dúdelyk! En by motoren hearre fansels ek.... Tatoeazjes. Ek dat is bekind by Boudewijn, net allinne op syn profylfoto sjogge wy in grutte tatoeazje, mar ek fyn 't hy in protte pagina's dêrfan leuk. Miskien witte jim wêr hy noch mear tatoe's ferburgen hat?

Neist dizze passy, sjoch ik ek in oantal berjochten oer toaniel foarby kommen. Iets oer 'Kâlde kak...' Uuh ik hoopje dat dat stik slagge is mei Boudewijn as regisseur. Ek sjogge wy Boudewijn yn 'e feestkommisje fan Easterein en sa sjogge wy in foto foarby kommen mei 700 kratsjes bier yn byld.. Hat Boudewijn dat allegear opsûpt as wie it hiel Easterein mei it jubileumjier? No 't ik de pagina's fan Boudewijn útplúze ha bin ik al in stik wizer wurden. Boudewijn is in drok besette man, mar neffens my ek hiel ynteressant. Sjoch ek ris op de side en miskien ûntdekke jim noch wol mear...

(TB)

VOOR AL UW SCHOONMAAK
 WERKZAAMHEDEN, zoals:

- GLAZENWASSEN
- SCHOORSTEENVEGEN
- GOTEN LEEGHALEN en
SCHOONMAKEN
- ONDERHOUD en SCHOONMAKEN
van GEBOUWEN en NIEUWBOUW



M. Sijszeling's
 Schoonmaakbedrijf
 v.o.f.

Oosterend - Wynserdyk 39

Telefoon 0515 332279

Altena
 Tuinaanleg & Onderhoud
*Doet uw groene hart
 sneller kloppen*

S.J. ALTENA

S.J. Altena
 Bonkelaar 22
 8608 WC Sneek
 Tel. (0515) 43 89 79
 Fax (0515) 43 89 78
 mobile 06-54 29 60 77

www.altenatuin.nl

In fruitmandsje bringe by Jan-Friso Bruinsma



Wêr hast lêst fan?
Een skuorde foarste krusbân en een skuorke yn de meniscus



Hoe hast dat sa krigen?

Yn it begjin fan dit seizoen yn de bekerwedstryd tsjin Waterpoort Boys 1 foel ik de 2^e helte yn en nei 5 minuten makke ik yn een duel een ferkearde beweging wêrtroch ik foel. Allinich myn foet draaide net mei, Ik draaide deromhinne en toen hearde ik iets knappen

Fernaamdest lyk dat it mis wie?

Ja, seker wete! Ik wist lyk dat it mis wie. Ik hearde it ek knappen en dat is net een goed teken. It die yn it begjin oergrysluk sear. Ferfolgens soe ik nei de kleiromte strompelje, maar hieltiten as ik op myn foet steunde sakke ik der troch hinne. Ik koe der ek net mear op stean om 't it lyk stiif en dik waard.

Sit der al wat ferbettering yn no asto opereard bist?

Ik haw no een kijkoperaasje hân werbij se it skuorde stikje fan myn meniscus fuort knipt ha. Derby ha se ek besjoen hoe 't it mei myn krusbân siet. Toen hawwe sy konstateard dat myn foarste krusbân hielendal ôfskuord is. En dat ik noch in keer opereard wurde moat. Myn heit hat dit yn it ferline ek hân mei it keatsen maar dy hat gjin nije krusbân krigen en dy hat der wol spyt fan omdat syn sportkarrière oan ein wie. Dus ik lit my wol opereare. De operaasje stiet ein desimber, begjin jannewaris pland. Se strippe dan 2 pezen bij myn ljisk fuort en dy sette se dan mei 2 skroefen yn myn knibbel fêst. Op langere termijn is it dan de bedoeling dat die pezen myn nije krusbân wurde en yn myn bonke fêst groeie. De skroefen losse nei een tiidsje op.

Ik sjoch dy wolris yn de sportskoalle. Helpt dit noch wat?

Ja, ik bin 3 tot 4 keer per wike yn de sportskoalle. We binne der altiten mei in groepke oan't krachtrainen en dogge ek 2 kear per wike oan spinning. Elger Turksma is dêr ek ien fan. Hyj is ek al een tiidsje blesseard en moat ek noch herstellen fan syn operaasje. Foar myn blessure helpt dit net in hiel soad omdat it net út himsels herstellen kin, mar ik kin myn kondysje der wol op peil hâlde en ik haw der ek een soad nocht yn.

Giest ek noch nei de fysio?

Ien kear per wike bin ik bij Topfysio. Dêr doch ik altiten spesifike oefeningen om myn knibbel wer sterker te meitsjen. Nei de operaasje sil ik der faker hinne

Sjogge wy dit seizoen noch fuotbaljen of wurdt it flagjen?

Dit seizoen is foar my spitich genôch al ôfrûn, nei de folgende operaasje moat ik 9 moannen revalidere en dernei wer rêstich oan begjinne, Dus ik hoop folgend jier om dizze tiid wer op it fjild te stean

Wat mist it meast no asto net fuotballest?

Dit is it earste jier dat ik bij de seleksje fan it earste sit en ik hie een hiel soad nocht yn dit seizoen en ik begong ek lekker foar myn gefoel. Yn de jeugd fjirder nooit blessures han en dan bard dit yn de 3^e wedstriid fan it seizoen. Dêr baal ik enorm fan, want ik seach altiten út nei de sneon om dan efkes een pot te fuotbaljen. En dan hoopje je eerst dat de blessure meifalt en dat it allinich in skuorke of ferreking is, mar at je dan heare dat de krúsbân skuord is dan witte je dat foatbaljen foarearst neat wurdt.

Wat dochsto no sa'n sneon?

Snoekfiskje is ien fan myn oare grutte hobby's. Ik mei graach een Hiele dei op it wetter omdobberje. It is no ek de goeie tiid foar snoek dus ik besteed dêr ek in bult frije tiid oan, Fjirder gean ik wol gauris mei myn heit mei te jaaien op sneontemoarn. En dan middeis efkes by it earste sjen natuerlijk.

Betterskip!

(WW)



Technisch Installatiebedrijf FA. D. VAN WIEREN

Het adres voor aanleg

en onderhoud van:

Dakbedekkingen - Zinkwerk

Gas - Water

CV - Sanitair



Terp 29, 8731 AX Wommels

H. Baarda, Lollum, Tel. (0517) 469157

Mini-league F-pupillen

Sneon 7 desimber wiene de lêste wedstriden fan'e Minileague yn'e sporthal te Easterein. Under lieding fan Arnout Meijer waard der striden foar elke meter. Dizze nije opset foar de de earste jiers F-pupillen is tige slagge, ûnder oaren mei help fan de belutsen âlders. Bedankt der foar.



Dit binne de priiswinners:

- 1e priis: Niels Terpstra
- 2e priis: Larissa Eupper
- 3e priis: Jan Bootsma

Tsjipke Okkema



Kees' kollum; Ik vertrek



Der bestiet in fuotbalfariant op it populêre programma "Ik vertrek". Fuotballers blike namelik al jierren in grut talint te hawwen om blynwei kontrakten te tekenjen by de meast rare klups, yn de meast obskure regio's, fan de meast grutte gangsters. En krekt lykas de gemiddelde gepensioneerde nei in jier gillend gek wurdt fan de paella en dat lome Spaanse waar, folget bij de fuotballers ek al gau in smeebde rjochting de Stampot Eredivisie.

En dat wylst it begjin noch wol sa moai wie. Mei tromgeroffel kondigt voetbalprimeur.nl it oan: Theo

Lucius sil nei Cyprus. Sjoerd Ars giet nei Bulgarije. Foar 4 jier hawwe se tekene. Mei de koffers yn' e hânnen hearre we de spilers nog sizzen dat se útsjogge nei in bûtenlânske erfaring. De klub is yn ûntwikkeling en it ferhaal fan de direkteur spruts harren oan.

Ferfolgens komt der in perioade fan radiostilte die ûnûntkomber ûnderbrutsen wurdt troch it berjocht dat ien of oare trainer op Cyprus of yn Roemenië ûntsein is.

Dit is it startsein foar de iepen sollisitaasje fan dyselde spiler nei sa'n bytsje eltse Nederlânse klup. Die sollisitaasje wurdt ferpakt yn in oangrypend ferhaal yn de VI;

**"Ynstee fan biografiën
kinne der better
reisgidsen komme foar
fuotballers en trainers"**

Ja, it jild wie goed yn it begjin en de ambysjes fan de trainer grut. It is allinnich jammer dat dyselde trainer al nei twa wiken opstappte moast en dy nije trainer seach it net yn him sitten. Fan wat hij sjoen hat kin 'er mennich boek fol skriuwe. Mar omdat hij de lêste 4 moanen oan salaris nog binnen krije moat, docht hy dit noch mar net. Moraal fan it ferhaal: de spiler sels treft gjin blaam. Dit jierlikse ritueel is in belangrik ingrediënt fan ús Eredivisie. It levert de klups in portie spilers op die ynsjogge dat RKC-út net iens sa min is en in Renault Twingo prima riidt. It is ek in bliuwend ritueel omdat it gêrs no ien kear griener is by de buorlju en der altiten wol in pear binne die de gok weachje.

Ik sjoch dêrom wol in gat yn de merke: ynstee fan die lawine oan biografiën dy't wy oer ús hinne krije, kinne we better reisgidsen meitsje foar spilers en trainers. Dy soe der dan as folgt útsjen: earst in koarte beoardieling fan it lân/de regio. Dagestan? Leuke heuvels, mar der binne aardich wat wapens yn 'e omloop. Bulgarije? Sunny Beach lûkt wol minsken, mar it lân is frij korrupt. Dan ynzoomje op de punten die de spilers echt wichtich fine: it belêstingsklimaat (kompenseert mei de kans dat se it jild ek echt krije), leaseauto's, de kosten fan fleantickets nei Nederlân, de beskikberheid fan appartemenen en in wurdearing fan de pleatselike horeka.

Kategorie 3 is dan de klup sels. Stilstean bij de namme fan de klub is hjirre essentsjeel. Nim no Dinamo. Mocht dit wurd yn de namme foarkomme, dan moatte de alarmbellen fuortendaliks rinkelje. Dinamo Berlin en Dinamo Dresden binne klubs foar ekstrem-rjochtse supporters. Gjinn waarm bad. Dinamo Moskou stiet foar de Russische plysje. Ek gjinn karnevalsferieniging. Dinamo Minsk docht der noch in skepke boppe op mei Europa's lêste tradysjonele diktator as sterke man. Stik foar stik no net de kategory klub werby je tinken oan thúskomme.

Sa'n reisgids foar spilers en trainers sil de hjoeddeistige generaasje spilers dy't de Kryst yn de Kaukasus fiere miskien net fierder helpe, mar it kin in type as Kees Kwakman dochs krekt dat extra stikje bagaasje meijaan op syn trip nei de Oeral. Om in breder publiek te lûken soene we as finishing touch in pear sappige sitaten sykje kinne fan de meast enthousiaste 'slachtoffers'. Te begjinnen by Robert Maaskant oer syn súkses yn Minsk.

**“Mocht der Dinamo yn
de namme foarkomme,
dan moatte de
alarmbellen
fuortendaliks rinkelje”**

(KA)



beoefenje
Sport
oanmoedigje

hjirnei **bytanke**
by Titus

GERBRANDY
HEIBEDRIJF

is Geheid Heien!!!

It Stalt 19
8731 EA Wommels
Telefoon (0515) 333337
Fax (0515) 333211
Mobiel 06 - 53234548

Trijespan: Robin, Luka en Milan van der Weg

Der binne net folle gezinnen wêr fan trije bern by SDS fuotbalje. By de famylje Van der Weg is dit wol it gefal. It hiele gesinslibben draait hast om fuotbal. Sawol Robin(C1), Luka(D2) as Milan(F3) fuotballet. Wat ús foaral opfalt dat wy de trije mannen altiten mei in bal sjogge en faak ek fuotbalfjild yn Wommels. Wy sille dizze fuotbalfanaten(en harren heit en mem fansels) ris oan de tosken fiele.



Jim binne wol gauris op it fuotbalfjild te finen, mar fuotbalje hjir ek wol gauris op strjitte. Wat fine jim no leuker om op te fuotbaljen?

Robin: Ik fuotbalje it leafst op it fjild.

Milan: Ik ek.

Luka: Ik fuotbalje it leafst op keunstgers.

Jim meie mei in pear wiken ek wer sealfuotbalje. Wat fine jim dêr fan?

Jim omke Klaas is der gek fan.

Robin: Ik mei sealfuotbal wol lije.

Milan: It like my wol leuk yn de seal, mar ik haw it noch nea dien.

Luka: Ik fuotbalje leaver op it fjild, want it docht sear as je falle.

Milan: Dan fuotbalje ik ek leaver op it fjild, want oars kin ik gjin slidings dwaan.

As jim sa mei syn trijen binne dan hawwe jim eins krekt ien te min om in aardich partijtsje te dwaan. Wa hawwe jim der meastentiids by?

Meastentiids Pieter van der Valk(F3) of Giel Koenen(D3). Wy fuotbalje dan op it fuotbalfjild of b.f. op it skoalplein.

Mar jim meie dochts net op it skoalplein fuotbalje?

Yn koar: BOEIUHHUHUHHUHHHHH!!!

Jim heit(Herman) hat yn it ferline ek fuotballe by SDS(oan't en mei de A's).

Hat hy it der wolris oer?

Wy hawwe him nea fuotbaljen sjoen. Wy witte allinnich dat der ferdediger wie en dat Marco Reijnhoudt efter him stie yn de goal.

Wat fine jim de beste fuotballer by SDS?

Robin: Wytze Lanting.

Luka: Tsjipke Okkema.

Milan: Tsjipke fansels. Én Pieter van der Valk(F3)

En wa is de beste trainer?

Robin en Milan: Tsjipke Okkema.

Luka: Ja, en Theo Postma en Ferry Korbach

Wat is jim favorite klup?

Robin: Ajax

Luka: Ajax, Real Madrid en SC Cambuur fansels.

Milan: Ja, Ajax en Real Madrid en natuerlik AC Milan en Inter Milan en Ronaldo en eueuhuuuhhhh.

Wy geane yn febrewaris mei syn allen nei Ajax – SC Heerenveen yn de Arena. Dêr hawwe wy in soad sin yn.

En wa is de beste fuotballer fan de wrâld?

Robin: Neymar

Luka: Krkic

Milan: Ronaldo

Kin jim mem no noch wol gewoan tillevysje sjen of moatte jim altiten it fuotbal sjen?

Ús mem is no miskien noch wol it meast gek fan fuotbaljen en wol it dan ek altiten wol sjen.

Wa wurdt der eins kampioen fan Nederlân?

Yn koar: AJAX natuerlik!!

Luka: En SC Cambuur wurdt twadde!

Wat finne jim it moaiste sjurt wat der betsiet?

Robin en Luka: Real Madrid.

Milan: It roze útsjurt fan Ajax.

En it lelijkste?

Robin: It griene fan Feyenoord

Luka: RKC

Milan: Wit ik net.

Wa wurdt wereldkampioen yn 2014?

Robin: Dútslân

Luka: Nederlân

Milan: Ronaldo, eeeuhhuhuhhh Portugal!



Wa kin eins it beste fuotbalje fan jim trijen?

Dat is eins ús mem!

Robin: En dan Luka.

Luka: Ik fyn Robin.

Milan: Euuhuhuhhh, Milan!

Geane jim letter ek mei syn trijen yn SDS 1 fuotbaljen?

Jawis! En dan komt ús neefke Evan de Jong der ek noch by.

Milan: Ik bliuw foar altiten by SDS!

Wat binne jim sterke punten yn it fjild?

Robin: Panna's útdiele.

Luka: Één-tweetjes mei Douwe-Jan Vellinga.

Milan: Slide en skare.

Dogge jim ek noch oan oare sporten?

Wy hawwe wol judood(Milan mar ien les), mar fuotbalje no allegear en simmers keatse wy.

Luka: Mar ik fyn keatsen no saai!

Jim heit is drummer by Voskovs Grodzemods en kin aldermachtichst goed rumme. Binne jim ek muzikaal?

Nee.....

Wat fine jim fan frouljusfuotbal?

Luka: Fet saai.

Milan: Dat haw ik noch neat dien.....

Robin: Is is wat trager as manljusfuotbal, mar soe ik alle nammen fan dy froulju witte dan soe ik der miskien wol nei sjen kinne. No kin ik dy fuotbaljende froulju net dy 't op tillevysje komme.

Wolle jim oars ek noch wat kwyt?

Luka: Hoefolle fragen komme der noch?

Robin: Ik spylje no efteryn by C1, mar spylje leaver op it middenfjild.

Milan: Komt der ek in filmke by?

Dit hast de leste fraach, mar wol fansels noch ien ding fan jim witte. Ajax moat jûn út tsjin AC Milan en moat winne. Wat wurdt it neffens jim?

Robin: Ajax wint mei 6-0 en Barcelona ferliest en sa wurdt Ajax dochs noch earste yn de poule.

Luka: 1-0 foar Ajax.

Milan: 3-1 foar Ajax.

Tige tank! En wy sjogge jim fêst noch faak werom op de fuotbalfjilden.(WW)

Grinsrjochter ynstruksje jûn

Op freedtejûn 24 Jannewaris fan it kommende jier, sil der yn de kantine in ynstruksje jûn foar 'de grinsrjochter' wurde hâlden. Dit is foar alle leden, vrijwilligers, spilers, liederen, trainers, âlders, bestjoersleden, en oare belangstellenden dy wol ris foar SDS in flagge yn de hân hâlde of hâlden gean.

It begjin is om 20.00 oere. It sil likernôch in oere duorren. Der sil oan de hân fan foarbylden wurde útlein wat de taak fan in grinsrjochter is en ek de útlis fan de butenspul rigels.

Tidens de ynstruksje is der tiid om fragen te stellen dy't der mochten weze ta oansjen fan 'alle' spulrigels.

Nei de ynstruksje en fragen kinne wy wat versnapperingen keapje oan de bar. Mochten jimme bepaalde oare ûnderwerpen besprutsen wolle hawwe dizze jûn, dan is dat mooglik, mar sjit dan Auke Eringa, Friso Albada en Douwe Reitsma efkes fan te foaren oan.

Hooplik oant sjen op 24 Jannewaris!

SDS-Klean



Wolle je ek yn SDS-klean rinne of in moaie SDS-tas of sa bestel dit dan op ús webside www.vv-sds.nl en druk op:



Dit is der allegear te krijen:

SDS-Tas: €33,-

SDS-Rugzak: €31,-

SDS-Trainingspak: €42,-

SDS-trainingsbroek: €25,-

SDS-Trainingsbroek kort: €18,50

SDS-Sweater: €25,-

SDS-Midjack: €47,50

SDS-Trainingsshirt dry-fit: €21,50

SDS-Polo: €21,-

Op fersyk fan SDS leden kin der no ek losse trainingsbroeken besteld wurde. Binne jim fan plan noch SDS klean te keapen, skilje dan efkes nei Douwe Dirk Reitsma(332500), want SDS hat wat SDS klean op foarrie.



Koart ferslach SDS-ledegearkomste 2013

*Douwe iepent de gearkomste foar sa'n 25 minsken. Spitichernôch mar wer in bytsje "fuotbaljende" leden.

*De wurklist wurdt fêststeld en Gida lest it ferslach 2012 foar, Enne jout oan dat it hjiryn net giet om 104 reclame boarden mar om freonen boardsjes, dernei folget it jierferslach .

*It earste ferslach fan Bauke de Boer ut namme fan de sponsorkommisje. Der binne in oantal bedriuwen ôfhjekke i.f.m de crisis, dochs binne der ek in pear nije reclameboarden kommen en der binne in oantal ferneid. Op it stuit binne der by SDS 100 freonen, 48 advertinsjes yn de treffer, 41 boardsponsors en 14 shirtponsors.

*JC had spittigernôch noch hieltyd in facature! Tidens de foarjierskompetisje had der heelas gjin kampioensteam west, wol in F1 dy't it helle had oant de heale finale KNVB Bekertoernoai. Yn septimber is der in pracht iepeningstoernoai west mei help fan Jaap de Blaauw en de mannen fan it earste. De besetting liederen en trainers is by de jeugd in punt fan oandacht oan it wurden.

*Willem Twijnstra had in kreaaze presentaasje makke oer de finânsjes op de beamer, nei oanlieding fan it ferslach binne der ferskate fraachen oer materiaal kosten, kosten clubblêd, kantine opbringsten, hier en konstruksje skoalleseize, bestjoers en personielskosten ens. Yn it wiidweidich ferslach binne hjirfan de oantekens te finen.

*kaskommisje wie tige te sprekken oer it finansjeel ferslach

*It bestjoer stelt 2% kontribusje ferheging foar, Oanlieding hjirfan wurdt net troch in elk sjoen, meinimmende dat der ek hieltiten mear freege wurdt fan de leden. Doch s giet in elk akkoard.

*In hiele diskusje folget oer it frywilligerswurk. Dudelyk wurdt dat it plan fan oanpak foarich jier net goed utein set is. Foaral de kommunikaasje had net goed west. Dirk Yde en de gebroeders van Beem sille no sjen at sei in goed plan meitsje kinne wer't in elk hem yn fine kin.

*Nei it skoft dy't we oerslein ha komt it bestjoer mei in agindapunt dy't net op de agenda stiet. It bestjoer wol Anne Brouwer huldigje as lid fan fertsjinste. Ta us ferrassing nimt Anne de underskieding net oan. Anne fynt dat der in hiel soad minsken binne dy't op har eigen wize wat foar SDS dogge, werom hy wol in underskieding en in oar net. Anne underfynt eltse sneon wurdearring at der oan de line stiet. Anne nimt al it bosk blommen oan as tank foar al syn wurk

*Baukje de Jong is ôftredend en kin op e'nij wer keazen wurden. Hja bliuwt dit dwaan mei help fan har rjochterhân Willem Twijnstra, foar beide in grut applaus.



anno 10 augustus 1947

*ôftredend en net ferkiesber is Andre Vink. Nei 8 jier jout us wedstriidsecretaris oan dat it tiid is foar oare saken. Der binne al ferskate minsken hifke mar we ha noch net in opfolger fûn. Andre wol us noch wol efkes út de brân helpe mar wol dit net te lang dourje litte. Andre nimt it klompke ek noch net oan.

Sunder wedstriidsecretaris mei SDS net bestean fan de KNVB!!!!!!!

*Marrie ferteld it ien en oar oer skoalleseize. Der binne ferskate fragen van de leden en ek dy binne werom te fine yn it wiidweidich ferslach.

*Ek by de omfraach wer ferskate opmerkings dy't te finen binne yn it wiidweidich ferslach

Mei freonlike groet.

Gida Heerma-Kooistra

P.s. It folledige ferslach kin opfrege wurde by Gida Heerm-Kooistra fia
gidaheerma@ziggo.nl



S. HEERINGA
Walperterwei 10 8731 CC WOMMELS

*Onderhouds-
Reparatie-
en
Scheeps-
betimmeringsbedrijf*

Tel. 0515 - 332267

TOP 1 TOYS
nummer één in speelgoed

Voor al uw:

- Luxe en huishoudelijke artikelen
- Speelgoed
- Boeken en tijdschriften
- Kantoor- en schoolbenodigdheden

Fa. van der Velde
Wommels
0515-331201

Samar in wedstryd


As jo dan omtrint 3 wiken op fakânsje binne yn it suden fan Ingelân, begjint it fuotbal bloed wol te buorreljen. Dus op syk nei in wedstrydsje yn de buert fan it fakânsje plak. It folgjende potsje tsjinne him oan.

De wedstryd is in freonskiplike tusken Dorchester Town FC tsjin Weymouth FC. Himelsbreed lizze dizze twa stêdjes 10 kilometer út elkoar. De ynset is de Bob Lucas Trophy de eardere ferstoarn foarsitter fan Weymouth, dy't de lokale derby yn stân woe hâlde om't de twa teams net altyd mear by elkoar yn de kompetysje sitte. Noch sa'n aardich feit; Dorchester spilet de earste helte rjochting see, dus rjochting Weymouth.

En Weymouth spilet de earste helte altyd rjochting it Noarden dus rjochting Dorchester. De twadde helte is it dus oarsom en fuotbalje beide teams rjochting har eigen stêd. Liket wol in bytsje op SDS, wêr wy it leafst de 2de helte rjochting de toer boartsje. As de wedstryd onbeslist einiget, binne der 2 winners en wurdt de bokaal eltse moanne útwiksele.

Dorchester Town FC wurde de 'The Magpies' (de eksters) neamt (krekt as Newcastle United út it noarden fan Ingelân). Dit om't sy in swart wit gestreept tenue hawwe. It binne semi-profs dy't yn de Southern Conference útkomme. Sy spilje yn it Avenue Stadium hokker yn gebrûk is nommen yn 1990 en iepene troch de Duke of Cornwall. Wy kennen dizze man as Prince Charles, de kroanprins.

Weymouth hat as bynamme 'The Terras'. Dit om't har shirt terracotta kleurich streept is. It stadion is neamd; 'The Bob Lucas Stadium'. Sy spilje op dit momint yn



de Southern League Premier division. Dit is in trepke leger dan Dorchester Town FC. De lêste jierren wurde skaaimerkt troch grutte finansjele problemen. Weymouth is in bekende badplak. Tidens de ôfrûne olympyske spelen fan Londen, waarden alle seil- en grut bûten wetter eveneminten yn

Weymouth hâlden. It stêdsje hat oansjen en yn en rûnom Weymouth fynsto in protte campings en fakânsje parken. De omjouwing is moai.



De wedstryd sels is net om oan te sjen. Sa wit bygelyks de keeper fan Weymouth net hoe hy moat opbouwe en sjit hy elke bal safier mooglik rjochting it oare doelgebiet. Neidat

hy syn hamstring blesseert nei al dat getraap, hat hy in probleem en der is gjin reserve keeper. Dus it iennige wat oer bliuwt is dat no de ferdigenjers de bal sa fluch en fier mooglik nei foaren knalle. Dorchester besiket noch in bytsje te fuotbalje, mar nei oanname fan de bal troch de ferdigenjers, roeie hja de bal sa fluch mooglik rjochting de spitsen. De spits fan Dorchester hat hieltyd rûzje mei de keeper fan Weymouth. Mar nei de wedstryd rinne hja tegearre fan it fjild. Gút, hoe ferrint it fjirder.

De earste helte wurdt hieltyd underbrutsen foar oertredingen, it spul is hurd, mar de skiedsrjochter hat neffens my syn kaarten ferjitten. De twadde helte hat hy hja wol fûn, dus 6 giele kaarten (allegjearre terjochte) en ta beslút in direkte reade kaart foar Weymouth nei ynkommen mei twa gestrekte skonken. De útslach is 1 tsjin 1. Beide teams rinne tegearre in ereronde mei de bokaal, wylst hja in pear minuten lyn elkoar noch ûnder de seadden besochten te stopjen. Ik bin noch efkes bang dat der problemen komme as de supporters fan beide teams by elkoar komme by de 'Beer Counter' en 'The Stadium Pub'. Mar gelokkich hawwe hja allinne toarst en drinke meielkoar in PINT op in resultaat wêr in elk mei kin libje. Wy gean nei hûs, dat wol sizze rjochting Weymouth. Gelokkich is de file net lang en kin ik dan ek in pilske iepen lûke. Bêst in aardige middei.

Oh ja, it nivo. Ik tink dat it om de earst klasse wol op hâld.

Friso Albada



Alde Doaze



De fuotballers fan SDS hâlde der fan om nei de toer te fuotbaljen. Dizze foto is nommen fanôf dy tsjerketoer en jout in byld oan út de ein jierren 60 of begjin jierren 70 of sa ûgefear. Efter it haadfjild wat ek oan de lytse kant wie, lei in juniorenfjildsje. Der wie noch gjin grutte kantine en gjin keatshok. Klaaiboksen wiene der wol mar dat wie allegear noch hiel beskieden. Der wie in greffelfjild wêr't op trind waard, de yngong wie oan de dyk.

Lofts is te sjen dat it dêr noch in keale boel is. Gjin grut parkearterrein en ek noch gjin sporthal. Dy sporthal kaam der yn 1977. Doe't de sporthal der kaam is it oefenfjild dêr efter ek yn gebrûk naam. Yn 1990 waard it echt allegear oars.



Juni, 1990. It hiele fjild op 'e kop. Einliks soe der in ein komme oan 'it gemodder' fan knipklaai en net wurkjende drainaazje. Op 29 april 1991 soe hjir in prachtfjild iepene wurde.

(AH)

SDS MC 1 is kampioen!!



Vandaag een mooie wedstrijd gespeeld in St. Annaparochie. Binnen 5 minuten maakt Tjitske de eerste goal. We hebben een super fanatiek SDS team in het veld staan!

De ergste spanning is nu weg en we zien mooi voetbal. Na deze goal volgen er nog 4; Jeska, Ilse, Alize en Tjitske scoren allemaal (nog) 1 keer. Alize houdt haar doel keurig schoon.

Het filmpje op de SDS-website laat zien wat deze keeper nog meer kan.

De 4e goal maakt Alize; ze neemt de penalty voor het team.

Na de overwinning terug naar Easterein.

Terwijl we toegezongen worden door Queen (We are the champions) eten we heerlijk patat in de kantine. En daarna heeft iedereen in Easterein en Wommels ons kunnen horen zingen en toeteren.

De tocht op de kar maakt dit kampioensfeest compleet.

Een geweldig meidenteam dat welverdiend kampioen is geworden!


Jacomien Heeres





Tel. 0515 - 333 672
Mobiel 06 - 51 40 40 69
WWW.BROUWERS-SCHILDERS.NL

Doelpuntenmakers




Der binne oant no ta 184 doelpunten makke troch de 5 senioren teams en de Vr1. Dat is in gemiddelde fan 31 doelpunten. SDS 4 en SDS 5 springe der wat út. I tien team hat suver wat te folle makke en it oare team seker te min.

It persoanlike klassement wurdt logysk sjoen dan ek oan fierd troch twa SDS 5 spilers: Jappie Wijnia en

Robert Sijbesma. Fierders komme wij in soad de selde nammen tsjin as oare jierren yn de list fan doelpuntenmakers fan 3 of mear. Hoewol denutante Hester Kingma har brutaal meld yn de middenmoat.

Want neist de nammen dy't hjir fermeld stean binne der ek noch 15 spilers/spylsters dy't twa kear skoard hawwe en 23 mei ien doelpunt.

De komplette list is wykliks te finen op www.vv-sds.nl



Aginda

Wannear?	Wat ?
21 desimber	Foarronde FK-sealfuotbal foar C1 yn Easterein
21 desimber	Beker/ynhel
21 desimber	Foarrondes krystsealtoernoai Frjentsjer
25 desimber	Krystsealtoernai Frjentsjer
31 desimber	Âldjiersdeisealfuotbalje yn de sporthal
4 jannewaris	SDS-sealtoernoai F-pupillen
4 jannewaris	SDS-sealtoernoai D pupillen
4 jannewaris	Nijjiersgearkomst SDS + snertrin (sjoch ek side 13)
11 jannewaris	Finales OFK yn Frjentsjer (sjoch ek side 14)
18 jannewaris	De Wâlde 1- SDS 1
19 jannewaris	Ajax - PSV
24 jannewaris	Ynstruksjejûn grinsrjochters
25 jannewaris	SDS 1 – TOP '63 1
25 jannewaris	SDS-sealtoernoai foar sealfuotballers, senioaren en A's
26 jannewaris	SC Cambuur – SC Heerenveen
1 febrewaris	Minnertsgea 1 – SDS 1
6 febrewaris	Treffergearkomst
8 febrewaris	Ynhel/beker
9 febrewaris	FC Groningen – SC Heerenveen
15 febrewaris	SDS 1 – Mulier 1
15 febrewaris	Roekrock yn Weidum
16 febrewaris	Ajax – SC Heerenveen
22 febrewaris	SC Bolsward 1 – SDS 1
1 maart	Ynhel/beker
2 maart	Feyenoord - Ajax
23 maaie	SDS-slotjûn foar de jeugd fanôf 17.00.

